

Ik bou op Jo, myn skyld en myn beskermer

1

Ik bou op Jo, myn skyld en myn beskermer.
Ik hoech net sels de fijân te wjerstean:
sterk yn jo krêft en feilich yn jo earmen.
Ik bou op Jo, 'k sil yn jo namme gean.

2

Yn leauwe gean ik, eigen swakkens fielend,
dat hieltyd mear moat ik jo krêft ferstean.
Dochs sjongt in liet yn 't djipste fan myn siele:
'Ik bou op jou, 'k sil yn jo namme gean'.

3

Ik bou op Jo, myn help, myn skyld, myn fêsting.
It is jo striid, Jo komt de gloarje ta.
Wannear't ik troch de pearelpoarten yngean,
sil ik by Jo foar ivich frede ha.

tekst Edith Gilling Cherry – 'We rest on Thee, our Shield and our Defender!'
oersetting David de Jong
meldij Jean Sibelius, út Finlandia 1899